

**Ynformateur Provinsjale Steaten Fryslân**  
**Postbus 20120**  
**8900 HM LEEUWARDEN**

Datum: 5 april 2023  
Underwerp: opjeften kommende koalysjeparioade

Achte ynformateur,

No 't de ferkiezings west binne en der in nij bestjoersakkoart komme moat, wolle wij fanút de ANNO-regio bij wize fan boustien dêrfoar dizze brief oanbiede. Fan de gelegenheid wolle wij graach gebrûk meitsje om alle ferkeazen steateleden in soad lok en súkses ta te winskjen. Wij soene it bot wurdearje at de ûnderwerpen yn dizze brief oan de formaasjetafel op it aljemint brocht wurde en yn it koällysje-akkoart opnaam wurde soenen om ús regio te helpen fitaal en fearkrêftich te wurden.

### **Topregio 2040**

Wy hawwe binnen ANNO, dus yn 'e mande mei de provinsje, in dúdlike ambysje steld: Yn 2040 wolle wy de topregio wêze yn Noard-Nederlân at it giet om wenjen, wurkjen en rekreëarjen, mei de klam op sûn, grien en ûndernimmend. Dêr wolle wy mei de provinsje yn streekferbân oan wurkje. Ek wolle wij tegearre mei it provinsjaal bestjoer wurkje oan it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk, sawol yn it iepenbier bestjoer, as ek yn de mienskip en yn it ûnderwiis.

Wy hawwe as ANNO-gemeenten, mei provinsje en Wetterskip, de tredde gearwurkingsaginda (ANNO III) tekene. We ha in stevige regiodeal en yn de kommende perioade moatte we dêrmei fierder fersnelle en besjen oft wy yn de beneaming foar noch in regiodeal komme kinne. Dêrfoar freegje wy provinsjale stipe, want dêr sûnder kin it net. We wolle in duorsume ekonomy en we wolle boeie, brûzje en bine. Yn de tarieding op ANNO III hawwe wy konstataarre dat de fearkrêft fan ús regio op dit stuit efterbliuwt by it provinsjaal gemiddelde. In wichtige kaai om dat te berikken is fokus op de enerzjytransysje. De efterstân dy 't we no noch ha moatte we sjen om te setten yn in foarsprong.

### **Enerzjytransysje**

De enerzjytransysje wurdt fansels in wichtich tema by de ûnderhannelingen nei de ferkiezings, as ien fan de yn de provinsje ûnderskieden reade trieden yn de gemeentlike koällysje-akkoarten. Om Topregio te wurden moatte wy koprinne sjen te wurden yn de enerzjytransysje. Foar de kwetsbere regio dy 't wy binne is dat de kâns om ús potinsje as sintraal gebiet tusken trije sterke ekonomyske netwurken te benutten. Bedriuwen moatte har hjir duorsum grien ûntwikkelje kinne yn in duorsum ekonomysk netwurk.

In probleem dêr't de nije koällysje him yn dat ferbân ûnûntrinber ta ferhâlde moatte sil, is de kongestje op it elektrisiteitsnet yn ús hiele. In ynfarkt driget bygelyks al yn Hallum, dêr't grutte fabrikanten fan fiedingsguod (Hellema, Helwa) fêstige binne dy't wichtige ikerpunten bin yn de lokale ekonomy. Needsaaklike útwreidings wurde yntusken frustrearre troch netbeheader en stroomleveransiers. Hoe langer at it probleem duorret, hoe mear at alle ynspannings om de ekonomy op gong te hâlden oan sin en krêft ferlieze. Op ferskate plakken yn ús regio is ferlet fan útwreiding fan bedriuweterreinen. In meiwurkjende ynstek op dat mêd soenen wij graach yn it koällysje-akkoart weromfine wolle. Tagelyk hinget it tekoart oan netkapasiteit as in swurd fan Damokles boppe dizze inisjativen. Wij wolle graach mei de provinsje in stevich front foarmje om sa gau as mooglik ta oplossings te kommen foar de hiele regio. Dêrom pleitsje wij der foar dat dit ûnderwerp oan de ûnderhannelingstafel besprutsen wurdt en dat der aksjes ôfpraat wurde.

### **Wenningbou**

In folgjend tige aktueel tema is op dit momint de wenningbou fansels. We wolle graach fierder mei it op eigen regy stjoeren op lykwicht tusken oanbod en fraach en tusken kwaliteit en kwantiteit. Wij moatte der op ta dat der de kommende 8 jier 3000 nije wenningen yn ús regio realisearre wurde. De stipe fan de provinsje kinne wij dêr net bij misse. De keppeling dy't makke wurdt tusken lanlike taakstelling en lokale útfiering op grûn fan spriedingsôfspraken jout ús regio nei ús oertsjûging geweldige kânsen. De foarseine delgong fan de befolkingsomfang lit him net merkbitte en derom wolle

wy ynsette op groei neffens it ferlet dat hjir no en aanst is. Graach sjogge wij ek op dit tema in stevige ynset yn de kommende perioade. De basis dêrfoar sil oan de ûnderhannelingstafel lein wurde moatte.

Transformaasje en werstrukturearring fan de besteande foarried is de kearn fan de opjefte, wêrby 't leefberens, kwaliteit en duorsumens dielopjeften binne. De regy op 'e transformaasje leit by de regio, hawwe wy yn ús aktualisearre gearwurkingsagenda ôfpraat. De regio hat in flinke opjefte by it ferduorsumjen fan wenningen dy 't foar in relatyf grut part yn eigendom binne by minsken mei enerzjyearmoed. De stipe dêrby út de Ryksoerheid wei sil frij beheind wêze, witte wy ûnderwilens, dus wy sille dêr as partners binnen ANNO sels in hege prioriteit fan meitsje moatte. Wy sjogge dat graach eksplisyt werom yn it koälysje-akkoart.

### **Mobiliteit**

Yn 2019 hawwe wy yn ANNO-ferbân de mobiliteitsfyzje fêststeld. De kommende jierren moatte wy de ANNO-opjeften folbringe om in sûne, flotte, feilige en duorsume mobiliteit, en in regionaal mobiliteitsnetwurk dat dêrby past te realisearjen. Yn dat ferbân lizze wy jimme ek in pear spesifike ynfrastrukturele knypunten foar dy 't hieltyd driuwender om in oplossing freegje, omdat se de regionale ekonomyske ûntjouwing yn it paad steane en de swakste skeakels yn de ynfrastrukture foarmje.

#### *Westlike Rûnwei Dokkum*

Mei it oanlizzen fan de Sintrale As is (ûnder oaren) beëage om in rûmtlik-ekonomyske ympuls te jaan oan de noardeastlike regio. Mei it oanlizzen fan de wei is de put noch net dien. De ûntjouwingspotinsje moat dêrnei noch wol wiermakke wurde en der moat tefoaren kommen wurde dat it beëage effekt fan de Sintrale As net helle wurdt troch omisjes yn it ûnderlizzende wegenet. Yn de strukturfyzje foar it bondelingsgebiet Dokkum-Damwâld, dêr't ek de provinsje doedestiids bij belutsen wie, is oerienkaam dat de bedriuwichheid yn Dokkum oan de westkant fan de stêd ûntwikkele wurde soe. Dat bart dat tusken mei faasje. Der is doe ôfpraat dat de provinsje ynspannings leverje soe om foarinoar te krijen dat der in goeie ûntsluting komt yn de foarm fan in nije rûnwei mei in goeie oansluting op de Sintrale As. It ferlet dêrfan is grut. De ûntjouwing fan it bedriuweterrein driget frustrearre te wurden troch fêstrinnend ferkear op de besteande 'Rondweg West'. Wij sjogge graach dat de nije rûnwei realisearre wurde kin.

#### *Rûnwei De Westereen*

In grutte kearn yn it hert fan ús regio is De Westereen. It is in kearn mei fersprate bedriuwichheid en in soad ferkear, ek swier ferkear, dwerstroch it doarp. Dat feroarsaket problemen mei de leefberens en it beheint it ûntploaien fan de ûntjouwingspotinsje fan dizze waaksjende kearn. Der binne mooglikheden ûndersocht om dit probleem op te lossen mei in westlike ûntslutingswei, dy't betreklik ienfâldich op de Sintrale As oansluten wurde kin, dêr't ek de ûntsluting fan in grutter gebiet eastlik fan de Sintrale As folle effektiver troch ôfwikkele wurde kin. It oanlizzen fan dizze ûntslutingswei is fan regionaal belang. In goeie ûntsluting fan De Westereen, Kollumersweach, Sweagerbosk en Twizelerheide is der fan ôfhinklik. De Sintrale As sil in folle oantrekliker rûte wurde foar de eastkant fan ús regio en der mei foar soargje dat de drokte op oare wegen, dy't dêr minder geskikt foar bin, minder wurdt. In omisje yn de provinsjale gebiëtsûntslutingsstruktuer wurdt der troch oplost.

#### *Ferbining Kollum-A7*

Foar it eastlik part fan it Anno-gebiet is ek in bettere ferbining fan Kollum, Bûtenpost, Surhústerfean/Openende nei de A7 essinsjeel. Der leit yn dit gebiet in fjouwerbaans haadwegestruktuer op brûkbere ôfstân om dit hiele gebiet folle better te ûntsluten, mar dy ûntsluting is der noch hieltyd net. It ûntbrekt oan in adekwate gebiëtsûntslutingsstruktuer om it gebiet goed nei dy haadwegen ta te lieden. Dat betsjut dat de ynvestearring yn de haadwegestruktuer ek net optimaal rendearret. Wat driuwend nedich is foar de sosjaal-ekonomyske ûntjouwing fan dit gebiet en it letterlik en figuerlik ûntsluten fan de potinsje fan dit gebiet, is in soepele oansluting op de Sintrale As. Der ûntbrekt in wichtige keat yn de ketting. Foar bewenners is it wichtich dat de ûntslutingsstruktuer kompleet makke wurdt, mar dat is seker ek foar de bedriuwen sa, want der stiet no noch in rem op de ekonomyske groei. De kommende "upgrade" fan de Skieding is moai, mar net genôch. It is nedich dat dizze twabaansdyk yngripender oanpakt wurdt.

### *Busline Kollum Drachten*

Fan grut belang is yn dit ferbân ek de bettere en snelle busferbining oer dizze dyk, de Skieding, nei Drachten (en dêr de streekrjochte busferbining nei Ljouwert), yn kombinaasje mei it treinstasjons Bûtenpost. Sneltrainen nei Ljouwert en Grins mei in stop yn Bûtenpost moatte bliuwe.

### *Brêgen bij Skûlenboarch en Koatstertille*

Fan ferlykbere oarder binne de problemen dy't ûnderfûn wurde bij de brêgen bij Skûlenboarch en Koatstertille. Ek hjir giet it om knyp punten dy't al langer mei de provinsje besprutsen wurde en dêr't yn it belang fan de regionale ekonomy in oplossing foar fûn wurde moatte soe.

### *Farrûte Âldtsjerk-Rinsumageast-Dokkum*

In oare ferbining, mar dan oer it wetter, dêr't al lang oer sprutsen wurdt, is de farrûte tusken Âldtsjerk, Rinsumageast en Dokkum. It realisearjen fan dy ferbining, dêr't we de provinsje foar nedich ha, sil de rekreaasje-ynfrastruktuer sterk ferbetterje en nije mooglikheden iepenje. Dat kin soargje foar toeristysk-rekreative ûntjouwing en fersterking fan de lokale ekonomy.

### **Mei inoar kânsen pakke foar 'grien en blau'**

In grutte utdaging foar it nije provinsjaal bestjoer sille de opjeften yn it lanlik gebiet wêze. Dit sil syn útwurking net misse op us plattelân. Hjiryn en hjirby wolle wy as gemeenten partner wêze en meitinke om de opjeften sa ynfulle te kinnen, dat us plattelânsmienskip hjir ekonomysk, ekologysk mar ek sosjaal sjoen perspektyf hâlde kin.

### **Partnerskip fersterkje**

Oanhâldend moatte wij der foar soargje dat de ekonomyske struktuer yn ús regio takomstbestindich bliuwt en in steviche basis foarmjen bliuwt foar in lokkige en in bloeiende lokale mienskip. Dêr lûke wij it leafst tegearre mei de provinsje by op as partners, lykas we dat yn ANNO-ferbân dogge. Wij stribje ommers fan ús besteansrjocht út sterk oerlaapjende doelstellings nei.

Wat wij oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten yn reaksje op de 'Ontwerp-Omgevingsvisie' foarlein ha is ek yn dit ferbân relevant en essinsjeel. Wij ha yn bedoelde reaksje steld dat it foar ús regio foaral tige wichtich is dat de provinsjale ynspannings rjochte wurde op in sterke ekonomy en optimale berikberens en op it befoarderjen fan in fitale en leefbere regio op 'e lange termyn.


### **Ta beslút**

Wij fertrouwe der op dat wij mei dizze brief in bydrage levere ha oan it agindearjen fan aktuele maatskiplike fraachstikken yn de kommende formaasjeperiode nei de ferkiezings. Ús yntinsje en ynset is om tegearre mei de provinsje in efektyf front te foarmjen binnen de ANNO-struktuer om de aktuele problemen te adresearjen en de kânsen dy't opkomme te fersulverjen. We sjogge de kommende koälysjefoarming mei niget yn'e mjitte en winskje jo dêr in soad súkses en wiisheid bij ta.

Út namme fan de fjouwer gemeenten yn de regio Noardeast Fryslân,



Dhr. mr. O.F. Brouwer,  
boargemaster gemeente Achtkarspelen



Dhr. drs. L.J. Gebben,  
boargemaster gemeente Tytsjerkstradiel



Dhr. N.L. Agricola,  
boargemaster gemeente Dantumadiel



Dhr. mr. J.G. Kramer,  
boargemaster gemeente Noardeast-Fryslân